

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte  
✓ Blokhúsplein 40  
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl  
✓ www.dingtiid.nl  
✓ @dingtiid

Oan de steatssikretaris fan OCW  
Dhr drs. S. Dekker  
Postbus 16375  
2500BJ DE HAACH

Ljouwert, 27 augustus 2015

Giet oer: Takomst regionale omroppen yn relaasje ta de Wet gebrûk  
Fryske Taal  
Bylage: 2014-03-AB (Brief oan steatssikretaris Dekker (30 april 2014))  
Us skaaimerik: 2015-04  
Jo skaaimerik:

Achte hear Dekker,

Op 30 april 2014 ha wy jo in brief stjoerd dêr't yn wiisd wurdt op de ynnovative kânsen dy't de situaasje yn Fryslân biedt by de nedige fernijing fan de regionale media. As Orgaan foar de Fryske taal wolle wy dy brief fannijs persoanlik by jo ûnder it omtinken bringe. Jo fine in kopy fan de brief as bylage.

Sûnt de brief út 2014 is de planûntwikkeling fan de regionale omroppen oer alle boegen trochset, ynklusyf advizen fan û.o. Stichting ROOS (april 2015<sup>1</sup>) oangeande de taakstellende opdracht om 17 miljoen euro te besparjen, en de reaksje dêrop fan de Ried foar Kultuer (augustus 2015<sup>2</sup>).

De fûle diskusje en de noed oer de takomst fan de Fryske omrop binne ek yn 'e regio sels perfoarst net saksearre; yn Fryslân is in brede publykskampanje úteinset foar oanhâldende selsstannigens fan Omrop Fryslân<sup>3</sup>. Troch dizze brief wolle wy ús soargen oer de resinte ûntjouwings mei jo diele en guon oanrikkemandaasjes dwaan.

*Oer it Orgaan foar de Fryske taal (DINGtiid)*

It Orgaan foar de Fryske taal is by wet ynsteld (artikel 18 Wet gebrûk Fryske taal) en hat ta taak de gelikense posysje fan de Fryske taal en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. It Orgaan foar de Fryske taal (yntusken ek wol bekend as DINGtiid) kin net allinne oan de Minister fan Ynlânske Saken rapportearje, mar ek oan oare ministers, en boppedat oan rjochtlike ynstânsjes foarsafier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as rjochtsgebiet ha. Mei dizze brief makket it Orgaan foar de Fryske taal gebrûk fan dat foech.

<sup>1</sup> 'Het nieuwe publieke regionale mediabedrijf: betrokken en betrouwbaar' (april 2015), Stichting ROOS.

<sup>2</sup> 'Adviesvoorstel ROOS' (augustus 2015), Ried foar Kultuer.

<sup>3</sup> Te tinken falt oan de mediakampanje 'Us Taal, Us Omrop', en de Facebook-kampanje 'Omrop Fryslân moet zelfstandig blijven' (sa. 6.000 folgers).

Op haadline skriuwe wy yn dit advys oer:

1. Reaksje op de ROOS-útstellen, ynklusyf oanrikkemandaasjes.
2. Regionale media yn transysje: iepening ta mear ynnovative oanpak, ynklusyf oanrikkemandaasjes.
3. Refleksje op it advys fan de Ried foar Kultuer oangeande de ROOS-útstellen.

### **1. Reaksje en oanrikkemandaasjes op útstellen ROOS**

Yn ûndersteande gean wy yn op de útstellen fan Stichting ROOS oangeande ynrjochting fan it nije regionale mediabedriuw. Wy beoardielje de útstellen oan de hân fan de Wet gebrûk Fryske taal, dy't op 1 jannewaris 2014 yngien is, en de bestjoersôfspraken oangeande it Frysk yn de media, dy't dêroan keppele binne.

#### *Ramt*

De wetjouwer wol mei de Wet gebrûk Fryske taal it gebrûk fan de Fryske taal yn de provinsje Fryslân, yn ûnder oaren de media, ferankerje. Oerienkomstich it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach nasjonale minderheden fan de Ried fan Europa stelt it Ryk 'foldwaande middels' ta beskikking foar in folslein Frysktalige programmearring mei gâns ferskaat, op radio, tv en ynternet. De útfiering dêrfan leit by Omrop Fryslân<sup>4</sup>.

#### *Refleksje*

Wy sjogge yn it plan fan Stichting ROOS likegoed as yn it resinte advys fan de Ried foar Kultuer net genôch werom fan de boarging fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) of de kânsen op ynnovaasje dy't wy yn de brief fan april 2014 mei jo dield ha. Posityf is de winsk om de posysje fan it Frysk te ferankerjen yn de Mediawet.

De foarnommen reorganisaasje fan de regionale omroppen en de útstellen fan sawol Stichting ROOS as de advizen fan de Ried foar Kultuer rjochtsje har benammen op in bestjoerlike ferienfâldiging en clustering om kosten te besparjen – begryplik yn it ljocht fan in taakstellingsopdracht fan 17 miljoen euro. Stichting ROOS jout spesifyk oan dat de programmatyske besunigings benammen ympekt ha sille op de kultuerdragende aktiviteiten<sup>5</sup> fan de omrop. De ferslachjouwing fan taaldragende kulturele eveneminten – lykas de seizoenprogrammearring *Simmer yn Fryslân*<sup>6</sup>, dy't yn de simmermoannen wiidweidich en live ferslach docht fan belangrike en populêre Fryske kultuersporten lykas it skûtsjesilen, fierljeppen en keatsen – komt troch it útstel fan Stichting ROOS faai te stean. Dêrmei sil de werynrjochting dy't ROOS bepleitet in negative útwurking ha op de wichtige rol dy't Omrop Fryslân ferfollet foar de Fryske taal.

Oer it generaal werkenne wy de fyzje dy't Stichting ROOS op de takomst fan it medialânkip sketst. Mar de trochfertaling fan de fyzje nei in útfieringsstratgy is net helder genôch. De fyzje ferfalt yn syn útfieringsútstel te maklik yn in

<sup>4</sup> 'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2013-2018' (22 april 2013), haadstik 4 (artikel 11 Europeesk Hânfêst).

<sup>5</sup> Sjoch paragraaf 1.2, side 23, 'Het nieuwe publieke regionale mediabedrijf', Stichting ROOS.

<sup>6</sup> Sjoch: [www.omropfryslan.nl/simmer/](http://www.omropfryslan.nl/simmer/)

pragmatyske struktuerwiziging. It giet ommers om in útstel wêrmei't faaks de besunigingstaakstelling wol realisearre wurde kin, mar der ûntbrekt in heldere útfieringsstratēy om de doelen te heljen. Benammen wat de ryksferantwurdlikheid oangeande de Fryske taal oangiet, is de fyzje fan ROOS net genôch útwurke: it falt net fêst te stellen op hokker wize oft de werynrjochting fan de regionale media de posysje fan de Fryske taal beynfloedet.

Boppedat is it de fraach oft de besparingsdoelstellings allinne fia it senario fan de útstelde clustering realisearre wurde kinne. Ek sûnder fúzje kin it stimulearjen fan produksjoneel oparbeidzjen op regionaal nivo nei ús betinken liede ta de kostebesparing dy't bestribbe wurdt. De gearwurking en fleksibilisearring fan arbeidspotinsjeel is al folop geande, mei't – benammen by de stypjende aktiviteiten – hieltiten mear freelancers ynset wurde dy't regio-oerstigend wurkje. Sokke tanimmende fleksibilisearring en projektmjittige gearwurking is nei ús betinken no ek al te realisearjen, sûnder al te yngripjende bestjoerlike feroaring.

#### Advizen

- Der is ûndúdlikheid oer de ympekt dy't de foarlizzende werynrjochtingsútstellen ha op de Fryske taal. Dêrom riede wy oan om by de tarissings fan de nije Mediawet (2017) earst de ynhâldlike transformaasje troch te fieren foar de nedige ynnovaasje om it profyl fan de regionale media stap foar stap stal te jaan, eardat oanstjoerd wurdt op bestjoerlike transformaasje. Pas dan liedt de stratēy de struktuer, yn stee fan oarsom.
- Wy riede oan om de posysje fan it Frysk fia in stevige ferankering yn de Mediawet te boargjen; soks konform advys fan de Tydlike kommisje boarging Fryske taal yn de media (kommisje Hoekstra).
- Wy dogge fierder de oanbefelling om beslútfoarming dy't ek de posysje fan Omrop Fryslân rekket, pas te effektuearjen nei't ynhâldlike helderheid bestiet oer de (wetlike) boarging fan it Frysk konform de rjochten dy't de Fryske minderheid neffens Europeeske ôfspraken hat.
- Om de belangen fan de Fryske taal by dizze en takomstige transformaasjes te boargjen, riede wy oan in konvenant te sluten tusken provinsje en Ryk oangeande it dossier 'Frysk yn de media'.
- Regionaal:
  - Wy riede boarging (op nivo 2014) oan fan de 24-oers ynhâldlike programmearring konform útstjoerôfspraken, wêrfan 1 oere de wykdei bestiet út orizjinele programmearring.
  - Neist in sjoernalistike rol hat Omrop Fryslân ek in spesifike rol oangeande kultuerdragende programma's, ek yn de foarm fan live-útstjoerings (bgl. *Simmer yn Fryslân*). De clusterfoarming fan (benammen) fasilitêre saken dy't ROOS útstelt, liedt mooglik ta swierrichheden by de regionale omroppen, en dus ek by Omrop Fryslân, mei de beskikbere produksjekapasiteit en de budzjetten dy't dêroan keppele wurde. Wy binne fan betinken dat de beskikberens fan produksjemiddels gjin negative ynfloed ha mei op de ynhâldlike karren en prioriteiten fan de regionale redaksjes. Wy freegje jo mei klam om dêrnei te sjen en mei in gaadlike suggestje te kommen.
- Lanlik:

- Boarging, konform de notiidske BFTK, fan jierliks 21 oeren stjoertiid foar Frysktalige dokumintêres (FryslânDOK) en 6 oeren stjoertiid foar skoaltelefyzje foar it fuortset ûnderwiis, lykas op it nivo fan 2014. Fierder de boarging fan 10 oeren (fia ynternet) Frysktalige skoaltelefyzje foar it basisûnderwiis.
- In streekrjochte finansieringsrelaasje foar it Frysk tusken it ministearje en útfieringsorganisaasje Omrop Fryslân, as ûnderdiel fan de Mediawet.
- Boarging, binnen it Stimulearringsfûns, fan de spesjale regeling foar it meitsjen fan films. Hoe't de situaasje op dit punt nei 1/1/2017 wêze sil, is noch net dúdlik; wy nimme lykwols oan dat de Fryske taal in dúdlike posysje hat by de fierdere ûntwikkeling fan it Stimulearringsfûns.
- Bestjoerlik:
  - Folsleine ûnôfhinklikens, ynklusyf beneamings, fan regionale redaksjes. It regionaal (oangeande Omrop Fryslân falt te lêzen: provinsjaal) yn te rjochtsjen omropbestjoer, en net it cluster, is einferantwurdlik foar beneaming fan de haadredakteur.
  - It boargjen fan fertsjintwurdiging fan de Fryske taal yn it lanlik omropbestjoer, troch in portefúlje Frysk te belizzen by in bestjoerslid dat de belangen fan de Fryske taal bewekket.

## **2. Regionale media yn transysje**

No't der besunige en reorganisearre wurde sil, liket it ús de baas en sjoch ek goed nei de ynhâldlike en ynnovaasjedoelen (en -budzjetten). Krekt no leit der in belangrike kâns om it mediagebrûk in ympuls te jaan. De jongere doelgroep betsjinnet him yn de social media relatyf in soad fan de Fryske taal. Mei't it sjoch- en harkpublyk fergrizet, is it nammerste wichtiger dat dy jongere doelgroep oansluting hâldt by Omrop Fryslân, mei om't krekt sy folop Frysktalige content ûntwikkelje. Wy pleitsje dan ek foar sterke ynset op ynvestearjen yn fernijings dy't de regionale media de mooglikheid jouwe om fanút it notiidske systeem te bouwen oan in netwurk dêr't ek de jongeren spesifyk yn erkend wurde.

Sûnder sokke stimulearjende maatregels sjogge wy as Orgaan foar de Fryske taal gjin oanlieding om de foarlizzende plannen posityf te beoardieljen. De taakstellende opdracht foar de regionale omroppen om 17 miljoen euro te besunigjen hat yn de stikken sa't dy der no lizze grutte ynfloed op ôfspraken dy't yn it ramt fan de BFTK makke binne of noch makke wurde moatte. Wy binne benijd hoe't it ministearje, konform har yntinsje, de BFTK en de ynhâldlike line fan de kommisje Hoekstra yn de nije situaasje boargje wol.

### **Advys**

- It beskikber stellen fan projektmiddels, konform artikel 4.1.3 fan de BFTK, dy't bydrage oan de nedige fernijingsynspanning om it regionale mediabedriuw de mooglikheid te jaan om him fannijs te posisjonearjen. Krekt omreden fan it feit dat dy transysje gjin maklike opjefte blykt te wêzen, moat de kwetsberens fan it Frysk as ûnderdiel fan dy transysje foldwaande omtinken krije, en de bestriding fan dy kwetsberens boarge wurde. De ynfolling dêrfan kin ek yn breder ferbân plakfine. De situaasje fan de media yn oare Europeeske minderheidstalegebieten hat in ferlykbere problematyk. It is ferrykjend, ek yn

it ramt fan it Nederlânske regionale omropbelied, dat Omrop Fryslân romte krijt om mei Europeeske partners te ynvestearjen yn fernijing. Op 'e nij wolle wy oproppe om it momint fan feroaring te brûken om in ynnovaasjesprong te meitsjen. It Ryk en de provinsje Fryslân kinne dêr tegearre yn oplûke. It feit dat Ljouwert út namme fan Nederlân Kulturele Haadstêd fan Europa is yn 2018, jout dat ekstra urginsje, en biedt ek kânsen. Yn 2018 sil der, bygelyks fia it Kulturele Haadstêd-projekt *Lân fan Taal*, wiidweidich en ynternasjonaal omtinken wêze foar minderheidstalen yn Europa. Dêrmei is 2018 in treflik momint om ek de posysje fan it feroarjende regionale medialânskip yn dat Europeeske ljocht te setten.

Wy tinke dêrby oan it stimulearjen fan:

- a. Regionale mediaeksperiminten (bgl. fia útwurking fan in koöperatyf model fan lokale en regionale mediapartijen (ynternet, radio, tv, krante); in foarbyld is de yntinsje ta oparbeidzjen tusken Omrop Fryslân en de Noordelijke Dagblad Combinatie (NDC), dy't koartlyn útsprutsen waard).
- b. Untwikkeling fan open-content platfoarms (user-generated content) mei kwalitative sjoernalistike regionale ynbêding.
- c. It stimulearjen fan jongeren om Frysktalige mediaeksperiminten te ûntwikkeljen.

Boarging fan ôfspraken dêroer kin plafine yn it hjirboppe oanrikkemandearre konvenant, ôf te sluten troch Ryk en provinsje eardat de nije Mediawet yngiet.

### **3. Refleksje op advys Ried foar Kultuer (augustus 2015)**

De Ried foar Kultuer jout yn har advys oan dat stêden in sintrale rol spylje moatte yn de ûntwikkeling fan de regionale media. Fansels, kreativiteit en fernijing wurde gauris út stêden wei fieden. Lykwols hat it fersoargingsgebiet fan Omrop Fryslân krekt in rurale fokus, wêrby't de kontekst stêd/doarp/plattelân kompleks is. Dat freget ek om oare as poer stedsoriïntearre oplossings. Dêrby is, yn it bysûnder as it giet om de Fryske taal, de posysje fan it plattelân earder liedend en dy fan de stedske omjouwing krekt mear folgjend – in fenomeen dat oars foar in soad regio's jildt. De Ried foar Kultuer benaderet neffens ús yn har advys it Nederlânske regionale omropbestel te bot fanút de situaasje yn de Rânstêd. Yn har dokumint falt op dat gjin inkelde opmerking makke is oer de posysje fan it Frysk; mar krekt fan de Ried foar Kultuer mei ferwachte wurde dat dy in skerp each hat foar de posysje fan it Frysk – ommers de twadde Rykstaal.

Boppedat beskôgje wy it belangerisiko dat de Ried sinjlearret by de gearstalling fan bestjoeren, krekt as in krêft yn stee fan in swakte. Fan de takomstige bestjoerders meie wy kompetinsjes ferwachtsje op it stik fan gearwurking en effisjinsje, mar ek oangeande stimulearring fan in kleurryk en ferskaat Nederlân. Wy moatte tefoarren komme dat krekt it bysûndere skaaimerke fan de regionale omroppen, harren regionale kulturele ynbêding, ferlern giet. Wy wolle dochs in breed regionaal sjoernalistyk bedriuw mooglik meitsje, dat it ferskaat fan ús lân ûnderstreket, bewustwêzen fan de eigen regionale identiteit stimulearret en ús fokus geregeldwei en op betroubere wize skerp stelt op de ferskillende fasetten fan in divers Nederlân.

Ek blykt út de foarstelde yntroduksje fan in clusteroriïntearre "managing-editor" spitigernôch dat de Ried foar Kultuer net in soad each hat foar it ferskaat fan de regio's dy't yn de klusters ûnderbrocht binne. In Drint is geen Grinslanner, in Siuw gjin Limboarger. Eksperiminten mei redaksjonele gearwurking blike net altiten in fruchtbere oplossing te wêzen. In foarbyld is de NDC, dêr't sprake wêze moast fan tanimmend redaksjoneel oparbeidzjen by it mear Grinzer/Drintske *Nieuwsblad van het Noorden* en de mear Fryske *Leeuwarder Courant*. Mar nei twa jier fan eksperimintearjen skowe de regioedaksjes yntusken dochs wer sterk nei it eigen merk.

Koartsein is de ûndergeskikte posysje fan regionale taal en kultuer yllustratyf foar de omdropbenadering yn it advys fan de Ried foar Kultuer. Bestjoerlike transformaasje is pas sinfol as der sprake is fan in ymplementearber idee foar in regionaal mediamodel.

Wy fersykje jo mei klam om boppesteande oanrikkemandaasjes en oerwagings yn de fierdere beslútfoarming oangeande de regionale omroppen en de ûntwikkeling fan de nije Mediawet, mei te nimmen.

Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra  
Foarsitter Orgaan foar de Fryske taal (DINGtiid)  
cc: Minister van Ynlânske Saken  
Deputearre steaten Provinsje Fryslân  
Provinsjale steaten Provinsje Fryslân  
Fryske Twadde Keamerleden